

Wêrom Fryske apps?

Bern groeie op yn in digitale wrâld. In ferhaaltsje (foar)lêze, in ferske sjonge, in spultsje dwaan of wurdjes leare kin no ek mei in app. Apps foarmje in moaie oanfolling op boeken, spultsjes, cd's en oare media. De measte apps foar bern binne yn it Nederlânsk. Dêr is fansels neat mis mei, mar as jim jim bern ek mei de Fryske taal grutbringe wolle, is in Fryske app in moaie manier om mei de Fryske taal dwaande te wêzen.

Heit&mem

Heit&mem hat as doel om oansteande âlden en âlden fan bern yn de leeftyd fan 0 oant 12 jier te ynformearjen oer it grutbringen fan bern, wêrby't in substansjele rol weilein is foar meartaligens. Heit&mem biedt de ynformaasje dêrom benammen yn it Frysk oan. Heit&mem bestiet út in tydskrift en in website. Kom ris del op heitenmem.nl of helje it tydskrift fergees op by dyn biblioteek.

Afûk

De Afûk is in kulturele ynstelling dy't al sûnt 1928 bestiet en fêstige is yn Ljouwert. It doel fan de Afûk is om de kennis oer en it brûken fan de Fryske taal en kultuer te befoarderjen. Taalpromoasje, taaloerdracht en kultueroerdracht binne dêrby de kaaiwurden. By taalpromoasje kin bygelyks tocht wurde oan de PraatmarFrysk-kampanje en Tomke, en ûnder taaloerdracht falle ús kursussen Frysk en it learplatfoarm eduFrysk. By kultueroerdracht hearre bygelyks de boeken en apps dy't de Afûk útjout en fansels ús winkel, dêr't in grut ferskaat oan boeken en oare Fryske produkten te krijen is.

In oersjoch fan ús produkten en projekten fynst op www.afuk.frl. Of kom oars ris del by de Afûk boek- en kadowinkel yn Ljouwert!

Afûk

Bûterhoeke 3

8911 DH Ljouwert

058-2343070 / www.afuk.frl / ynfo@afuk.nl

afûk

heit&mem


Fryske apps foar bern

heit&mem



Foar Android en iPad





Tomke app (1+)

Yn de Tomke-app binne ferhaaltsjes, filmkes, ferskes en spultsjes te finen fan Tomke en syn freontsjes.

Lytskes (1+)

Mar leafst njoegen animearre Fryske berneferskes. Sjong mar mei!




It grutte foarlêsbok (2+)

In app mei prachtige ferhalen, gedichten en spultsjes.

Hantsjes yn 'e hichte (2+)

Sykje it plaatsje op de trije sykplaten. Fûn? Sjoch nei it filmke mei in lietsje en doch mei! De Fryske lietsjes, 5 nije en 10 tradisjonele, wurde songen troch Janneke Brakels mei begelieding op piano troch Cor Bakker.



Benijd nei noch mear Fryske apps? Sjoch op www.heitenmem.nl

Wat heart wêr? (2+)

Oeral misse dingen. Kinsto se wer op it plak delsette dêr't se thúshearre? Bern leare boartsjendewei foarmen te werkennen en yn trije ferskillende talen harren wurdskat te fergrutsjen.



Rinze de Kikkert (4+)

Leuke en boartlike e-boeken fol mei ynteraktive eleminten. De ferhalen kinne troch âlden foarlêzen wurde, mar kinne ek ôfspile wurde. Ferskynd binne: *Rinze is gek op wetter*, *Rinze syn jierdei*, *Rinze's AaBee* en *Rinze op reis*. Sjoch ek op www.rinzedekikkert.nl


Berneboel (4+)

In app grôtfol mei spultsjes, ferhaaltsjes, filmkes, ferskes en oar fleurich Frysk talemateriaal. 10 ferskillende tema's, sjoch ek op www.berneboel.nl



Myn earste wurdjes 4+

Kinsto de ferskillen tusken de platen fine?



Gamefrysk (10+)

App mei spultsjes as 'letterbrij', 'astronautegalchje' en 'wurdkrûper'. Lear fan alles oer it skriuwen fan de Fryske taal. Sjoch ek op www.gamefrysk.nl